

Hokker erkende talen hat Nederlân?

It Nederlânsk is de offisjele taal fan Nederlân. De Nederlânske Gebaretaal (NGT) en de Fryske taal yn de provinsje Fryslân binne beide troch de wet erkend yn Nederlân. It Frysk is de twadde offisjele taal yn de provinsje Fryslân. Op Bonêre, Sint-Eustatius en Saba (de BES-eilannen) binne neist it Nederlânsk ek it Papiamintsk en it Ingelsk erkend als offisjele talen. Nederlân hat fia Europeeske ôfspraken it Limboarchsk en it Nedersaksysk as regionale talen erkend, en it Jiddysk (Jiddisj) en Romanes as talen dy't net binnen in beskaat gebiet sprutsen wurde.

Frysk

It [Frysk](#) en it Nederlânsk binne de offisjele talen yn de provinsje Fryslân. Fryske boargers hawwe it rjocht om harren eigen taal (it Nederlânsk of it Frysk) te brûken. Bygelyks yn de rjochtseal of yn it kontakt mei de gemeente. Dat stiet yn de [Wet Gebrûk Fryske taal](#).

De wet bepaalt ek hoe't de eed of de belofte yn it Frysk ôfnommen wurdt. En hoe't Fryske gemeenten regels en belied meitsje moatte foar it gebrûk fan de Fryske taal.

It Frysk is in standerdisearre taal. De Provinsje stelt yn oerlis mei de [Fryske Akademy](#) de stavering fan it Frysk fêst.

Nederlânske Gebaretaal (NGT)

In soad dôle of hurdhearrige minsken yn Nederlân hawwe de [Nederlânske Gebaretaal](#) as earste taal leard. Dit is harren memmetaal. De [Wet erkenning Nederlânske Gebaretaal](#) soarget derfoar dat de taal offisjeel erkend is. Elkenien mei de NGT no ûnder oaren brûke:

- yn krisis- en needsituaasjes;
- by it ôflizzen fan in eed, belofte of befêstiging;
- yn de rjochtspraak.

Ek is der in advyskolleezje foar de NGT. Dit advyskolleezje advisearret de oerheid hoe't dy it gebrûk fan de NGT oanmoedigje kin.

It Papiamintsk en it Ingelsk

Op de eilannen Bonêre, Sint-Eustatius en Saba (de BES-eilannen) is it Nederlânsk de offisjele taal. Op Bonêre, Sint-Eustatius en Saba (de BES-eilannen) binne neist it Nederlânsk ek it [Papiamintsk](#) en it Ingelsk erkend als offisjele talen. De talen Papiamintsk en Ingelsk meie brûkt wurde yn:

- it ûnderwiis;
- it kontakt mei de oerheid;
- de rjochtspraak.

It Nedersaksysk en it Limboarchsk

It [Nedersaksysk](#) (yn 1996) en it [Limboarchsk](#) (yn 1997) binne erkend as regionale talen ûnder it [Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen](#). Troch dizze erkenning kinne de belutsen provinsjes en gemeenten in eigen belied foar dizze regionale talen fiere. Hjirmei befoarderje sy it kultureel erfgoed fan Nederlân. Sy jouwe bygelyks subysdzjes oan lokale toanielselskippen. Of oan regionale omroppen dy't foar in diel yn dizze talen útstjoere.

It Limboarchsk en it Nedersaksysk binne net-standerdisearre talen. Sa hat it Nedersaksysk ferskate farianten. Lyk as it Grinslânsk, it Drintsk en it Twintsk.

Yn it [konvenant Nedersaksysk](#) steane ôfspraken fan de oerheid mei de regionale bestjoerders fan Noardeast Nederlân. Yn it [konvenant Limboarchsk](#) steane ôfspraken fan de oerheid mei de Provinsje Limboarch. Dizze ôfspraken geane oer de gearwurking om de Nedersaksyske taal en it Limboarchsk te beskermjen.

It Jiddysk en de talen van de Roma en Sinti

[It Jiddysk \(Jiddisj\) en it Romanes](#) binne yn 1996 troch Nederlân erkend as talen dy't net binnen in beskaat gebiet sprutsen wurde. De sprekkers wenje ferspraat oer Nederlân, maar ek yn oare Europeeske lannen. Sa wenje der bygelyks ek Sinti en Roma yn ús buorlannen.